

# Stúdzjewizer CLIL

## Doelen

- do kinst útlizze wat CLIL en taalúntwikkeljend leare binne;
- do kinst foarbylden fan suksesfol meartalich ûnderwiis neame;
- do kinst útlizze op hokker learteoryen oft se basearre binne;
- do kinst de tûkelteammen, neidielen en foardielen derfan opneame;
- do kinst beskriuwe hoe't it Frysk no in plak hat as fiertaal yn it ûnderwiis en hoe't dat yn it ferline wie;
- do kinst in pear wichtige betingsten neame dy't steld wurde oan leararen en skoallen dy't it Frysk as fiertaal brûke wolle;
- do kinst in produkt meitsje dat bydraacht oan de Fryske taalfeardigens fan learlingen bûten de tradisjonele lessen Frysk om.

## Kontakt

Omdat de hegeskoalle op it stuit ticht is, ferrinne de kolleezjes ynearsten online. De dosint pleatst op de moarntiid foar it kolleezje in link nei Google Meet op de Blackboardcourse Bachelor Frysk en op de site [www.henkwolf.nl/cursusmateriaal](http://www.henkwolf.nl/cursusmateriaal). Troch dêrom te klikken komst yn de firtuele kolleezjeseal. Mooglik kinne yn 'e rin fan it kolleezjejier doch noch kolleezjes yn it hegeskoallegebou jûn wurde.

Kontakt mei de dosint telefoanysk op 06-18932351 of fia de mail:

[henk.wolf@nhlstenden.com](mailto:henk.wolf@nhlstenden.com) (wurdt allinnich tiisdeis lêzen) of (ast fluch antwurd ha moatst): [henkwolf-info@yahoo.com](mailto:henkwolf-info@yahoo.com).

## Privacy

Foar de wissichheid: de hegeskoalle en de dosint nimme de online-kolleezjes net op. Studinten meie dat ek net dwaan, of se moatte earst tastimming krigen ha fan alle dielnimmers oan it kolleezje (dosint, studinten en eventuele gasten).

## Materiaal

Al it materiaal wurdt online beskikber steld fia de Blackboardcourse Bachelor Frysk en de site [www.henkwolf.nl/cursusmateriaal](http://www.henkwolf.nl/cursusmateriaal).

## Húswurk

Nei ôfrin fan de kolleezjes makkest húswurk. Dat bestiet út it lêzen fan artikels, it besjen fan fideo's, it beantwurdzjen fan fragen en it ûntwerpen en meitsjen fan in einprodukt. Tink derom: it is in soad, bist der net yn in oerke mei klear - en ek net yn twa. Rom plenne dus!

## Toetsing

Om it fak ôfslute te kinnen moatst:

- de fragen by de kolleezjes meitsje en se ynleverje;
- in relevant produkt meitsje: sjoch foar de taljochting de yntroduksjetekst by it earste kolleezje.

## Planning

Alle kolleezjes wurde jûn fan 13.00-14.30.

## 12 maaie: It belang fan de fiertaal foar taalúntwikkeling

húswurk:

- 'Een taal leren doe je niet op school' bestudearje;
- 'Wat is taalontwikkeld onderwijs' bestudearje;
- 'Wat zijn de voordelen van CLIL?' bestudearje (ynklusyf de fideo);
- 'Wat zijn de kenmerken van CLIL?' bestudearje;
- 'Wat zijn de voorwaarden voor CLIL-onderwijs' bestudearje;

- fideo 'Taalontwikkelend lere (1)' bestudearje;
- fragen by it earste kolleezje beantwurdzje en dyn antwurden foar 26 maaie nei de dosint ta maile.

#### 26 maaie: Hokker learteoryen sitte der achter CLIL?

húswurk:

- 'Methoden om een vreemde taal te leren' bestudearje;
- 'Constructivisme is een slechte raadgever' bestudearje;
- haadstik 2 út *Frysk oan bod* bestudearje;
- fragen by it kolleezje meitsje en dyn antwurden foar 2 juny nei de dosint ta maile.

#### 2 juny: Wat wurdt der foar it Frysk oan CLIL dien (en wat net)?

húswurk:

- website 'ynspirearjend meartalich ûnderwiis' besjen';
- boekje 'CLIL-ynspiraasje: hânriking om meartaligens in plak te jaan' (Varkevisser & Singelsma) - net op [henkwolf.nl](http://henkwolf.nl) fanwegen copyright: helje it fan Blackboard of freegje de dosint om it nei dy ta te mailen;
- fragminten út learmetoaden besjen (komme noch online);
- fragen by it kolleezje meitsje en dyn antwurden foar 9 juny nei de dosint ta maile;
- in idee foar dyn/jim einprodukt nei de dosint ta maile.

#### 9 juny: Wat kinne jim oan CLIL dwaan?

Yn dit kolleezje jout elk in koarte presintaasje (maks. 5 minuten presintaasje en 5 minuten neipetear) oer syn/har idee foar in einprodukt.

#### 16 juny

In earste ferzje fan it einprodukt oan de dosint maile. It hoecht noch net klear te wêzen. Jim krije feedback om jim fierder te helpen.

#### 30 juny

Jim einprodukt fia de mail by de dosint ynleverje.